geplaatst, toiletwagens aangesloten, linten gespannen en stempeltjes op de deelnemerskaarten gezet. Wij zeggen voor de ondervonden medewerking: "Hartelijk dank." Een speciaal woord van dank is naar onze mening op z'n plaats voor de directie van de fabriek en voor de glasblazer. Zonder de medewerking van de fabrieksdirectie en post Sloten niet kunnen uitgroeien tot de Meest perfecte controlepost met alles erop en eraan. Een speciaal bedankje voor Henk de Weerd mag hier zeker niet ontbreken. Hij was sinds 1986 de man met twee rechterhanden. Beppe en pake Reitsma treden terug en hun kinderen uit Groningen en Maarheeze onderkennen de bezwaren van het

iets verder weg wonen.

Gelukkig is de Sleattemer Jelte van der Meer bereid, de fakkel van ons over te nemen. Daardoor komt er een eind aan de infiltratie door lieden van elders. Voor de rechtgeaarde Sleattemers moet dat toch wel een goed gevoel geven.

Wij wensen Jelte met zijn toekomstige hulpen veel succes en hopen dat hij met evenveel genoegen de klus klaart als de thans vertrekkenden

Trudi en Durk Reitsma



En jûn ite we potstro....

Ruim 40 jaar v.v. Sleat

VOETBALVERENIGING “SLEAT” VIERT FEEST

Voetbalvereniging “Sleat” viert zaterdag 24 augustus a.s. een groot feest met een reünie vanwege haar 40-jarig bestaan op 7 augustus vorig jaar en de opening van de gloednieuwe kantine, gebouwd door een groot aantal vrijwilligers.

Tevens verschijnt er bij die gelegenheid een boek waarin de geschiedenis van de roemruchte vereniging wordt beschreven.

Belangstellenden voor de reünie kunnen zich nog opgeven bij:

Cor van Dijk, De Trochreed 12, 8522 MH Tjerkgaast (tel. 0514-531656).

Zij die graag het boekwerk **“En jûn ite we potstro.... Ruim 40 jaar v.v.**

Sleat.” in hun bezit willen krijgen, kunnen hiervoor terecht bij het winkeltje **“De Dream”** van **Jelle en Tiny Folkertsma**. Sleattemers om

utens, die dit boek eveneens niet willen missen, kunnen dit bestellen door overmaking van **Euro 8,00** op bankrekening **3052.05.773 t.n.v.**

“Jubileumboek v.v. Sleat” te Sloten. **Gaarne uw naam en adres vermelden**, dan krijgt u het in augustus thuisgestuurd.



Reünie-elftal v.v. Sleat in 1973.



'Situatie moet blijven zoals ze is' 'Sleattemers' hebben twijfels over verkeersproblemen stad

SLOTEN - De verkeerssituatie in de oude binnenstad van Sloten moet blijven zoals ze is, maar dat kan alleen als de inwoners van de stad zich beter aan de nu geldende regels van het ontheffingsstelsel houden. Zo luidde althans de mening van een meerderheid van de Slotenaren die gisteravond aanwezig waren op een door de gemeentelijke verkeerscommissie georganiseerde inspraakavond. Daarop werden veel zaken naar voren gebracht, maar kon vooral uit de monden van de 'Sleattemers' zelf worden opgetekend dat het allemaal wel wat meevalt met de door de gemeente geschetste problemen.

De commissie had de inspraakavond belegd naar aanleiding van klachten uit de plaatselijke bevolking. Het college van burgemeester en wethouders had daaruit, na het plaatse poolshoogte te hebben genomen, een aantal conclusies getrokken. Zo werd geconstateerd dat de verkeersveiligheid in de oude stadskern onder druk staat door het toenemende autoverkeer, een gevolg van het feit dat er wat al te uitbundig gebruik wordt gemaakt van ontheffingen.

Verder geschiedt parkeren op daartoe vaak niet geëigende plaatsen, is het toezicht op de naleving van de geldende verkeersregels een niet gemakkelijke zaak en zijn de onderhoudskosten aan de bestrating als gevolg van het vaak te zware bevoorradingsverkeer te hoog. Al met al is het in 1978 genomen raadsbesluit van een autorij Sloten uitgesplitst op een manier die in de praktijk niet functioneert, zo vatte burgemeester Wiebe Pitlo, die gisteravond als voorzitter optrad, de situatie samen.

'Voor de vorm'

Hoewel Pitlo in zijn inleiding had aangegeven dat de avond bedoeld was om van de bevolking te vernemen in welke richting het gemeentebestuur naar oplossingen moest zoeken, bleken verschillende aanwezigen niet van de goede bedoelingen van het college overtuigd. Burgemeester en wethouders hadden natuurlijk al lang een besluit genomen, maar moesten 'voor de vorm' nog eventjes een inspraakavond uitschrijven, zo was de teneur van de opmerkingen die Pitlo en de zijnen aanvankelijk moesten aanhoren.

Het verweer van de burgemeester dat de gemeentelijke afvaardiging 'met volledig open vizier' naar het stedeke was afgereisd, kon die twijfel maar voor een

deel wegnemen. Want was het niet zo dat de burgemeester opmerkte dat het college van mening is dat Sloten 'het verdient om autovrij te zijn' en dat 'de zorg voor het beschermde stadsgezicht zich moeilijk met een ruim verkeersbeleid laat verenigen'?

Ook in andere opmerkingen klonk het bij de 'Sleattemers' heersende gevoel van onvrede door dat zij door het gemeentebestuur in 'de hoofdplaats Balk' toch niet serieus worden genomen. De verkeerssituatie was begin vorig jaar in een speciale bijeenkomst van Plaatselijk Belang notabene al breedvoerig aan de orde geweest, zo uitte een aanwezige zijn verbazing over de inspraakbijeenkomst van gisteravond.

Om de stad leefbaar te houden, moest de situatie maar blijven zoals ze was, zo luidde toen de uitslag van de discussie, hetgeen per brief werd medegedeeld aan het college. Vanuit Balk werd echter nimmer een antwoord ontvangen. „Hoe is eins de communicatie met dit gemeentebestuur?“, wilde een ander dan ook weten.

Fouten

Pitlo erkende dat er door het college fouten waren gemaakt. Zo had zij korte tijd na ontvangst van de brief aan het bestuur van Plaatselijk Belang een pankaar voorstel gepresenteerd. „Wij hadden echter niet het bestuur van Plaatselijk Belang, maar alle inwoners van Sloten naar hun mening moeten vragen. Gewoon omdat wij er geen behoefte aan hebben om besluiten te nemen waarmee de bevolking van Sloten niet akkoord kan gaan. Vandaar deze inspraakavond, al is het met een jaar vertraging“, aldus Pitlo, die verder nog opmerkte dat een inspraakbijeenkomst pas rechtskracht heeft wanneer zij door het gemeentebestuur is bevestigd.

Uit de discussie die vervolgens ontstond werden vele argumenten aangevoerd om de zaak maar bij het oude te laten. De paar middenstanders en horeca-ondernemers die Sloten nog heeft, komen in de problemen wanneer bevoorradingsverkeer niet meer wordt toegelaten, bewoners van de oude stadskern moeten met hun auto bij hun woning kunnen komen en ook het weren van bussen met bejaarde toeristen heeft als resultaat dat de stad over tien jaar hartstikke dood is, zo viel er te beluisteren.


Elfstedentocht

„Ik heb u eens gevraagd wat er bepalend is voor het doorgaan van de Elfstedentocht“, zo begon horeca-ondernemer Theo Goinga in de richting van Pitlo. „U zei toen: 'De dikte van het ijs en de sterkte van de politie'. Naar mijn idee hebben wij nu weer te maken met de sterkte van de politie“, aldus Goinga, die daarmee gezegd wilde hebben dat er best eens wat vaker gecontroleerd kon worden. Elke bevoegde automobilist is nu immers herkenbaar aan de sticker op de voorruit.

De burgemeester stelde echter dat de politie er niet is om te controleren en dat bovendien de bij het ontheffingssysteem horende stickers nogal wat administratieve rompslomp met zich mee brengen. De verkeerscommissie zag meer heil in een andere en duidelijkere bewegwijzering, zodat automobilisten direct in de gaten hebben dat zij de stad niet in mogen. Daarbij werd gedacht aan zoneborden, die bovendien, als bijkomend voordeel, het huidige woud van verkeersborden in de stad overbodig maken.

De leefbaarheid rimpelt erof, zo is op 'e lëste gearkornste fan Pleatslik Belang sein. En dat wylst elkenien de stêd mar yn- en útleane koe. Miskien dat de leefberheid bettere wurdt as dit met near it gefal is“, probeerde weer een ander een lans te breken voor een bijna geheel autovrij Sloten. Of het zover zal komen, lijkt niet erg waarschijnlijk, hoewel overigens elk idee dat gisteravond naar voren werd gebracht op tegenstand mocht rekenen. Zelfs de vanuit de zaal gedane suggestie om bij de twee inwoners van de stad borden te plaatsen met de tekst 'Bite' van Sloten PKW Frei kon geen genade vinden. ...

HEIT LIEUWE EN SOAN JABIK DE LANGE



Lieuwe de Lange

Al wer sa'n tsien jier ferlyn hie "De Stadsomroeper" in petear mei Age de Jong, wenjend oan de Lindengracht. Prachtige ferhalen fertelde De Jong oer Lieuwe en soan Jabik de Lange. Guon fan dizze ferhalen steane beskreaun yn it boek "Hûndert pûn klûntsjes en in karrefol lytsjild" fan Ype Poortinga. Nei in lytse ynlieding (mei tank oan Margareth Leentjes-De Lange) wolle wy jimme dizze ferhalen perfoarst noch in kear lêze litte. Dizze bysûndere Sleattemers fertsjinje it om mei harren rike fantastyske ferhalen nochris foar it ljocht te kommen.

Lieuwe de Lange, berne 6-10-1848 te Aldemardum, (werkman)

Attje Jacobs v.d. Hoff, berne 21-9-1857 te Nijemardum

Troud op 7-2-1884

Bern:

Jacob 28-04-1886

Rein 03-09-1888

Grietje 21-10-1890

Berend 30-09-1890 ????

(stoarn 15-01-1891)

Harmke 08-09-1892

Jantje 02-11-1894

Harmen 03-02-1898




Attje Jacobs v.d. Hoff

Lieuwe de Lange, 35 jaren, boerenbedrijf, geboren te Oudemirdum, wonende te Sloten, zoon van Rein Harmens de Lange, landbouwer en Harmke Lieuwes v.d. Hoff, echtelieden, wonende te Sloten en Attje v.d. Hoff, 26 jaren, dienstmeid, geboren te Nijemirdum, wonende te Sloten, dochter van Jacob Gerrits v.d. Hoff, werkman en Grietje Aukes de Vries, echtelieden, wonende te Nijemirdum.

Heit Lieuwe en soan Jabik de Lange.

Rûnom spylje de ligersferhalen yn 'e eigen wrâld fan 'e echte ferteller en altyd is er sels de held. Sa binne de sterke stikken fan Lieuwe wiere Sleattemer ferhalen en dy fan syn soan Jabik Amerikaanske 'tall tales'. Hoe kin dat lêste? Wy litte no fierder as ferteller Age de Jong oan it wurd:

Yndertiid hienen wy hjir te Sleat Lieuwe de Lange wenjen. It wie eigentlik in bytsje in famyljestik by ús. Hy arbeide by alle De Jongen, fan 'e iene gong er nei de oare, altiten los. In hiel ûnopfallend mantsje - skraal, meager, hast op it begrutlike ôf. In swartsiden petsje op, blaukytsje oan mei wite knopen. Hy fertelde sa ernstich en sa kâld en it wie krekt, oft it allegearre fansels spriek. Hy die syn ferhalen faak, en se wienen alle kearen krekt en allyk. Hy wykke noait ôf fan 'e trant dêr't er se ienkear yn ferteld hie. It wie krekt, as wie er sels folslein ûngefoelich foar wat er sei, mar wa't skerp taseach dy merkbiet, dat syn ljochte, grize eachjes laken.



Jabik de Lange

Dizze Lieuwe hie in soan Jabik. Dy fertelde ek sterke stikken, mar fierder wie it suver it tsjinstelde fan de heit. Sa'n hean mantsje as



Dizze “postcard” is fanút Amearika skreaun troch Rein de Lange, in broer fan Jabik. Se binne destiids tegearre nei Amearika gien.

is 't mooglik, dat sa'n siel him der dêr trochsloech. Hy wie der kommen troch tadwaan fan in neef, dy't him dêr wol wat te plak holpen hawwe sil. Mar oan syn ferhalen te hearren hat it syn gloarjetiid west. Flak foar dyselde oarloch wie er werom en sûnt dy tiid fertelde er mei glêzige eagen wat er dêr yn Amearika belibbe hie. In jier of fjouwer lyn is er ferstoam. As jonge hie ik wol fan dy stoertske boekjes lêzen mei cowboystikken. Ik fielde de fantasy yn Jabik syn ferhalen en dan kamen my dy boekjes yn 't sin. Ik frege him: 'Ha jo Wilde Bill dêr wol ris troffen, Jabik, en Buffalo Bill?' 'Ei jonge ja', sei er, 'dat wienen myn grutste maten. Der ha 'k it hynsteriden ek fan leard'. Hy koe fansels net ienris

Lieuwe wie, sa ûnbidich wie Jabik. Suver in wanskik, in bytsje krommich. In oerlikke man, en dan sa stroffelijk en knoffelijk en ûnredsum. Hy koe it hjir net bêst fine, fakentiids gjin wurk, en sa is er,

noch foar de earste wrâldoarloch, nei Amearika rekke. Men soe sizze, hoe



Houden wij de gedachtenis levendig aan

JACOB L. DE LANGE,

weduwnaar van Albertha Groenendal.

Hij werd op 28 april 1886 te Sloten (Fr.) geboren. In heel zijn leven heeft hij geen ziekten of kwalen gehad; de ouderdom bracht ze voor hem mee. Gesterkt door het Sacrament der Zieken ging hij vanuit het ziekenhuis te Sneek de eeuwige Heerlijkheid van zijn Schepper binnen. Het was 23 maart 1968. Na een dankzegging in de kerk van Sloten voor zijn goed en welbestede leven, hebben wij zijn lichaam te ruste gelegd bij dat van zijn vrouw op het kerkhof in St. Nicolaasga.

Jacob heeft de 82 jaren van zijn leven goed besteed. Hij kende zijn plicht, was zorgzaam en had de zijnen zeer lief. Dit alles werd gedragen door zijn vroomheid en groot Godsvertrouwen. Hij was een man van gebed.


Zijn werkzaam leven, zijn plichtsbef en zijn Godsdienstzin mogen ons tot voorbeeld zijn.

op in hynder komme, mei sa'n lichem, lit stean fan der op sitten bliuwe.

HÚDERTTRIJEËNFYFTICH PÛN

Ik wie in kear mei Lieuwe yn in stik lân, dat lei tsjin 'e Brandemar oan. Op in stuit begûn er: 'It is no op 'e kop ôf sânentritich jier lyn, doe ha 'k hjir ek ris stien te haaen mei dyn omke Martyn. Doe sei ik tsjin Martyn: Ik soe suver wol nocht hawwe om ris in middei te fiskjen, hjir op 'e mar, want der sitte fan dy moaie wierpôlen. Doe sei Martyn: As wy nije wike it hea thús hawwe, dan moatte jo mar in middei frij ha. Dy wurdt trochbetelle, en dan moatte jo fiskje.

In wike letter, prachtich moai waar. Ik hie wat wjirmkesocht, en it angeltsje yn 't boatsje bin 'k hjirhinne fearn. Dêr by dy wierpôle ha 'k de rimen yn 'e boaiem stutsen en it boat fêstsetten. Ik naam in prûmke, it wie moai waar, en doe bin 'k sitten gien te fiskjen. Martyn hie tsjin my sein: Jo moatte om healwei fiven thús wêze, want dan moatte wy melke. It siet dêr moai, mar noait gjin byt, noait ien kear. Ik seach ris op it haloazje en doe tocht ik, ik moat ek hast fuort. En mei dat ik dat tocht, skuorde myn angel en ik sloech him fêst. En doe ik oan 't lûken. Ik koe him eins net huffe, sa'n dikken ien wie 't. Ik koe him net omheech krije. Ik skuorde en ik skuorde en dêr hat men dan sa jins omtinken by en it oare slacht men gjin acht, en doe ynienen, ik seach efterom, en doe tocht ik, wêr bin ik hjir?



De rimen wienen losskuord en dêr gong ik. Ik hie it sop foar de boech stean en dêr gong ik mei it boat. En ik dy angel fêsthâlde, mar de knaap dy 'k der oan hie dy koe it paad. Dat wie rjochtút-rjochtoan op nei de Hjerringsleat, en it gong al mar

hurder. Doe skean de Brekken oer nei de Follegeasleat ta. Under de trambrêge troch, doe ûnder de strjitweibrêge troch, en dêr kaam de Tsjûkemar yn 't sicht. Ik tink, ja, mar dit komt net goei - wêr kom ik telâne? Mar op in stuit kaam it boatsje moai ticht oan 'e wâl en doe bin 'k der út sprongen. En dêr gong de boel hinne, de angel lei noch yn 't boat - dy hat fêstsitten. Ik haw him noch even neisjoen en doe bin 'k rinnendewei thûskomd. Omke Martyn wie lil, dat ik sa let wie, mar doe ha 'k útlein, dat ik der ek neat oan dwaan koe.

De oare moarns binne wy tegearre nei Follegea ta gien en doe by de Tsjûkemar lâns. Op 't lêst seagen wy it boat lizzen. De angel lei der yn

en de fisk siet noch oan 'e hoek. Tegearre ha wy it beest derút lutsen. Dat wie in snoek! Hûnderttrijeënfiftich pûn! 'En doe, Lieuwe? ' 'Wy wienen mei in gewoane bolderwein, mar dêr koe er lang net op, want dan sleepte de kop foare op 'e grûn en de sturt efter op 'e grûn. Dat doe ha wy in jiffer by de timmerman yn Follegea kocht en dy der tusken om de wein langer te meitsjen. Sa binne wy nei Sleat riden en doe haw ik him by Jabik Stoker, de slachter, brocht. Dy hat him slachte en ophongen. En doe dy twa pûn, in oaren in pûn, in treden trije pûn en sa ha wy him útsutele'.

YN 'T SNITSER SIKEHÛS

Lieuwe hat in kear by my west op in middei yn febrewaris. Doe wie er twaentachtich jier âld. 'Ik woe even deisizze', sei er, 'want ik gean moarn nei 't sikehûs'. Ik stie te greppeljen. Ik sei: 'Dan gean wy nei de pleats ta om in kopke tee'. Hy fertelde, hy hie wat mei syn iene ear. No, doe is er nei 't sikehûs brocht en in dei of tsien, tolve letter kaam er werom en doe wie er dan holpen. 'Hoe is 't no?' 'Och, wol goei, ju; allinnich in bytsje lytser wurden'. It ear wie net folle mear fan oer. No, doe in ferhaal. 'Ja', hy sei, 'ik moast dalik op bêd, doe 'k dêr kaam. En de oare moarns kaam der in suster by my, mei sa'n weintsje op fjouwer fjiltsjes, en dêr moast ik op. Ik sei: Der mankeart my neat, ik kin wol rinne. Mar dat mocht net. Wy rieden troch in stik of wat gongen en doe kamen wy yn in gong, dêr brânde in rea ljochtsje en doe liet dy suster my dêr stean op dat weintsje. Se kaam daliks wer, sei se. Mar dat duorre en dat duorre - ik hie der al in healoare stien, doe kaam de suster en dy frege, oft ik ek kâld waard. Ik sei: Waarm is 't hjir net! En doe krige ik in tekken oer my hinne.

In skoft letter brânde der in grien lampke en doe helle se my op en de operaasjeseal yn. No, ik seach daliks wol, dat it net doogde. Dokter (Lieuwe neamde de namme fan 'e sjirurch), dokter dy siet ûnder it bloed en der lei in hakmes, dat siet ek ûnder it bloed. En de seageboel, en de tafel dêr't ik op moast, it wie allegear bloed en slimen. Dat dat fagen se mar gau wat ôf. En ik derop.

No, en doe ha se my weimoffele en se hawwe my dan holpen, en de middeis lei ik wer op myn bêd. En dyselde suster siet nêst myn bêd, doe't ik bykaam. Se sei: Wat tochten jo fan 'e moarn? Ik sei: Ik tocht, suster, dat der wat net yn oarder wie. Sy sei: Dat hienen jo goed sjoen, en ik sil jo ek wol fertelle, hoe't dat ynmekoar siet. Fôar jo wie in pasjint,

dêr wie dokter in stikhinne mei klear en doe seach er noch wat, dat er tocht, no, ik haw him no dochs iepen, dat sil 'k ek noch even dwaan. Sjoch, dy man waard opereard oan 'e lever en doe't dokter dêroer gear wie, ûntdiek er, dat de mage der ek net sa moai útseach. Hy sei tsjin 'e suster: Ik haw him no dochs iepen en no sille wy dy mage ek noch even neisjen. En doe sei er tsjin 'e suster: Jo moatte de mage mar meinimme nei de keuken en spiel him ris flink út!

Dat die dy suster en wilens operearre dokter troch mei de lever. Dêr wie er noch mei dwaande, doe kaam de suster werom mei de mage en se frege: Is er sa goed, dokter? Ja, sei dokter, hy is wol moai skjin, mar hy



is te wiet, hy kin der sa net yn. Dat jo moatte him mar even droegje. Doe is dy suster nei de tún ta gien, dêr hienen se in line en doe hat se dy mage oan twa knipers hongen. In skoftke letter wie dokter sawat klear en doe sei er: Folgjende pasjint mar klearmeitsje - dy kin komme! Dat wie ik dan. Doe waard ik ophelle en wilens stjoerde dokter dy oare suster fuort om de


mage op te heljen. En ja - de knipers wienen der noch wol, mar de mage wie fuort. Dy hie in hûn meinomd. No, doe siet it spul fêst, want dy man koe net ticht sûnder mage. Dat de dokter belle gau slachter Marra op: Ha jo ek in baarch lizzen? Ja dokter. No, daliks deameitsje en de mage hjir bringe, want ik moat in mage hawwe! Sjoch, in bargemage en in minskemage dat is itselde. Dêrom moast ik salang wachtsje en doe ha se dy mage yn 'e man setten'.

Ik sei tsjin Lieuwe: 'Potferdikke, wat binne se al wat mans, net! En ha jo dy man letter noch wol ris troffen, Lieuwe?' 'Jawol, hy lei nêst my'. 'En - gong dat noch ridlik goed?' 'Ja, tige - mar hy woe oars neat hawwe as waai en mais'.

SA FREAR IT

Hy hie 't altyd sterker belibbe as in oar. Ik wit net mear, wat winter as 't wie, mar it wie alderglûpendste kâld. Dan kaam Lieuwe moarns om in oere of tsien yn 't bûthûs by Visser, foar in ferhaaltsje. It wienen dêr allegearre fan dy grutte jonges, en de iene jonge mocht Lieuwe graach in bytsje opstoke. 'Kâld, net Lieuwe! ' 'Ja, fris', sei Lieuwe dan. 'It hat fannacht seisentweintich graden ferzen'. 'Oh, soa. Ja, dat sil 't wol. Mar yn njoggentich doe wie 't noch hiel wat oars. Ik wie doe arbeider by Bakker. En der skean by de pleats hienen se in moeltsje stean. Earst krigen wy allegear wetter, en hagel. It wetter waard sa heech, dat wy moasten nacht en dei meale. Dy mole moast tige beskut wurde, neigelang dat de wyn wie. Dat dan moast men der nachts by bLieuwe. De iene nacht bleau de boer der by en de oare nacht ik.

Op in jûn gong ik der wer hinne. Needwaar, en allegear wetter. En doe ynienen foel de winter der yn. Ik siet yn 'e mole en ik hie twa grouwe jassen oan, in dikke sjaal om, mar men fernikkele noch. Dat om in oere of ien, ik tocht, ik moat mar ris even stappe, want ik befries hjir. Ik kaam bûten, en doe wie 't o sa stjerhelder en it frear alderlabêndichst. Ik bin in slach om 'e mole gien, en doe tocht ik, ik koe wol even pisje. Yn 'e lijte fan 'e mole ha 'k it rinne litten, en doe soe ik fuort, mar ho mar, ik siet sa fêst as in hûs. Doe wie ik fêstferzen oan 't straaltsje en 't straaltsje siet as in peal sa fêst oan 'e grûn. Sa frear it.



FIERLJEPPE

It wienen mar fan dy bûtepoltsjes yn 'e mar, dêr't wy op haaiden. Dêr ha 'k ek ris mei Lieuwe op stien. 'Doe 'k jong wie' sei er, 'sprong ik fan 'e iene pôle op 'e oare'. 'Net mei in oanrin wol?' frege ik. 'Nee', sei Lieuwe, 'dêrfoar is 't fierste fier. Men moat der in pols by brûke. Sjoch, ik wie dan wol ris te aaisykjen as jonge en dan levere ik him dat'. Ik sei: 'Dan wie 't doe fansels lang sa fier net as no, want dit is wol fyftich meter'. 'Ja wis al', sei Lieuwe, 'like wiid'. 'Wat moatte jo dan in ein pols hân hawwe'. 'Nee, dat foel wat ta - as ik healwei wie, dan fersette ik him even.

HURDRIDE YN JUNY

Lieuwe wie al âld, doe holp er ús in bytsje yn 't hea. Wat sturtswylje en de nêsten wat opklauwe. No kin men it wol ris hawwe yn 'e haaïnge, dat men moarns seit: 'Hè, 't is lûkerich'. It kin sels wol in bytsje froastich wêze yn 'e neinacht. Sa sei ik op in moarntiid ek ris tsjin him: 'It is mar kâld, Lieuwe'. Ja, dat wie ek sa. 'Mar' sei er, 'it hat noch wol ris gâns kâlder west yn 'e ûngetiid. Doe't ik noch by heit yn 'e hûs wie (se hienen boer west, mar it wie harren net sa goei gien) doe hienen wy lân, dat lei tusken Sleat en de Lemmer yn; der hie men de Brekkenpolder en dêr moasten wy haaie. Mar it hie de nachts sa bot ferzen, dat fan kearen of skodzjen koe gjin sprake wêze. It wie allegear fêstferzen. Mar wy hienen de foarige deis in part swile en oppere, dat doe sei heit tsjin myn broer en my: Wy ride der mar mei de weinen hinne, dan helje wy dat hea mei de pream oer 't wetter (der wie doe noch gjin brêge) en wy sette der weiden op. As wy it der dan op hawwe, is it miskien wol in bytsje begûn te teien, dat wy it oare keare of skodzje kinne.

Dat wy rekken de moarns om in oere of fjouwer fuort, mei trije weinen en de hynders der foar. It hea kaam oer 't wetter en doe ik op 'e wein en Kees, myn broer, stiek my ta. Wy wienen mei de tredde weide oan 'e gong, it sil sa'n oere of healwei njoggenen west ha, de wyn oast, súdeast, en it wie o sa hoarich, doe sei ik tsjin Kees: Moatst ris even stil wêze, de omropper op 'e Lemmer is oan 't omroppen. Wy koenen it ferstean, it kaam der op del: healwei alven hurdriden op 'e Lemster iisbaan. En dat wie yn 'e ûngetiid! Se hâlden dat moarns, want middeis as de sinne heger kaam, dan snijde it yn, mar de moarns dan koe dat noch wol.

No, wy hienen 't hea oer 't lân al ris besjoen, it siet allegear noch fêstferzen. Ik sei tsjin Kees: Witst, wat wy dogge? Wy kinne allebeide goei ride - wy geane nei de Lemmer. It kearen kin dochs neat wurde. Dat wy der hinne. Der wienen tweintich dielnimmers. Elk ien rit, sa skeat it moai op, en de middeis twa oere doe wie it beslikke.

'En ha jim ek wat wûn?'

'Ja, de preemje. Kees de priis, dy ried wat hurder as ik. It gong om haloazjes. Sjoch, hjir is it, in sulveren haloazje. It stiet der wol efteryn, dat it de twadde priis is. En dat wie op santsjin juny'.

Ik ha dat haloazje letter ris iepen hân. 'Made in Switzerland' stie der yn.



TRETTSJIN LOPERS

'Yn augustus kaam ik yn Amearika', sei de soan Jabik, 'en it is allegearre nij fansels. Men wit dan net ienris, hoe't it dêr sit mei de natuer. Ik wit noch wol goei, it wie yn septimber. Wy stienen op it lân te haaien, doe waard de loft helder. It wie om healwei alven en doe skreaude de boer ynienen: Gau, gau, nei hûs, boys! De hynders en dan nei 't fee. Wy krije snie. Dat wist ik net, mar dat seach dy man oan 'e loft. Wy nei hûs, om 'e hynders en doe op 't hynder de prairy yn om de kij byelkoar te heljen - achthûndert en twaensechstich hie dy man - en de bargaen en de mustangs. Dat spul rûn her en der, en wy krigen de boel byinoar en de middeis om fjouwer oere hienen wy de kij en de mustangs byelkoar, en de bargaen ek. No, doe koenen wy ek gjin kant mear út - der lei sân meter snie. Mar doe misten wy noch ien foale sûch. Dat wie de santjinde septimber'.

Lk sei: 'Dus, dy binne jim kwytrekke'.

'Nee', sei Lieuwe, 'dy binne wy net kwytrekke. Doe it oare jiers, it wie midden yn april, doe gong de snie fuort en doe kaam dy sûch der ûnder wei. Der rûnen trettstjin biggen by - of leaver: dat wienen yntiid al lopers wurden'.

Wêr't se fan fretten hienen, dat fertelde hy der net by. En it gesicht stie sa'n bytsje ferwûndere, sa fan: is dat no net seldsum!



DE BEAM

Jabik en ik wienen oan 't dongriden en it wie waarm, dat doe even koffjedrinke foar hûs yn 't skaad. Wy hienen foar de âld pleats fan dy dikke linebeammen, hiele dikken, dy wienen yn 'e trochsneed mear as in meter. Dêr hie ús mem dan in tafel ûnder stean en wat stuollen en dan libbe men eigentlik bûten, as 't moai waar wie. Sokke moaie simmers as doe hat men hast net mear. Wy sieten ûnder de grouwe beam, en ik sei tsjin Jabik: 'Wat binne dit al dikke beammen, net? Ja', sei er stadich,

'hjiirre al, mar yn Amearika binne dit noch mar prikken'. En doe kaam syn ferhaal.

'En dan winterdei', sei Jabik, 'dan hienen se gjin wurk foar jin, en dan koenen wy wat fertsjinje yn 't bosk. Dat wie allegear fan 't Gouvernement. Mar ja, dat wienen oerbosken. Der waard men dan hinnebrocht troch in opsichter. Wy hienen wol in dei riden om der te kommen, allegear op 't hynder fansels. En dan waard dat hynder oan in lange line setten. Ik koe net nei hûs ta fansels, mei sa'n ôfstân, dat dan deis beamkappe en nachts krûpte ik yn in tinte.



De beam dy't om moast wie my oanwiisd. Ik hie in goeie bile mei en ik kapte fan 'e moandeitmoarns oant de sneontejûns en doe woe 'k nei hûs ta. Ik op 't hynder en de sneintemoarn wie 'k thús yn myn kosthûs. De moandeitmoarns betiid bin 'k wer fuortgien. Ik ha noch in wike kapt en doe ha 'k wer thús west. Ik kapte noch in wike en doe foel my dat wat ôf. Ik tocht, dat ik der hast troch wie, mar der kaam gjin ein oan. De lêste deis fan 'e tredde wike sei ik tsjin 'e beam, ik moat no doch ris sjen, hoefier as ik mei dy hinne bin, knaap. Ik rûn om 'e beam hinne en doe trof ik oan 'e oare kant in man oan, dy wie oan 't kappen mei dyselde beam. Goaien, sei ik, binne jo mei dizze beam oan 't kappen! Ja, sei

er, hoe sa? No, ik stean al trije wike oan dy kant. O ja sei er, ik stean no seis wike oan dizze kant.

En wy hienen elkoar net ienris heard!!

**Ut it boek: "H ndert p n kl ntsjes en in karrefol lytsjild"
fan Ype Poortinga t 1982.**



HENDRIK POEPJES WINT PRIJS MET BIBLIOBUSTEKENING



LEEUWARDEN - Zes kinderen rukken uitgelaten de blauwe folie van een knalgele truck. Ze onthulden op woensdag 20 maart j.l. in Leeuwarder de nieuwste bibliobus van de Centrale Bibliotheek Dienst. De citroengele truck is groter en moderner dan de bekende grijswitte

bibliobussen. In de nieuwe bussen is meer plaats voor computers, cd-rom's en boeken. Op de boekentruck pronken zes kindertekeningen. Leerlingen van zes Friese basisscholen deden mee aan de hiervoor speciaal uitgeschreven tekenwedstrijd. Grafisch ontwerper Paul Hettinga uit Heerenveen koos met de Franeker kunstenaars Pleter Pander en Douwe Elias de winnaars. Pieter Wielstra, Tinus Veenstra, Sanne van der Meer, Rinus Kootstra, Koen Wouda en Hendrik Poepjes waren de uitverkorenen. Ze kunnen hun tekeningen zien rondrijden in de gemeenten Nijefurd, Gaasterlân-Sleat en Achtkarspelen.

Bibliobus 1

Op woensdag 20 maart is groep 7 naar Omrop Fryslân geweest. Hendrik had een prijs gewonnen. De prijs was dat de tekening van Hendrik op de bibliobus kwam. Er waren nog 5 andere winnaars. De winnaars mochten de bibliobus uit pakken. Het was een mooie gele bibliobus met 6 tekeningen. Je mocht ook binnen kijken. Er waren mooie cd roms, veel boeken, en mooie computers. Ik hoop dat de kinderen en de grote mensen veel boeken gaan lezen.

Akkelien Kuipers

Bibliobus 2

Woensdag gingen we naar Leeuwarden naar de onthulling van de bibliobus we gingen weg om 1 uur en we kwamen aan om half 2. Het was bij Omrop Fryslân. Hendrik kreeg toen zijn oude tekening ingepakt terug.



En toen gingen we naar de bibliobus en toen moesten ze hem uitpakken want hij zat helemaal in blauw papier. En toen mochten we in de



bibliobus kijken er waren nu ook ps-cdroms. En er waren ook hapjes en daar gingen ze mee gooien en wij gooiden terug maar het mocht niet meer. En toen was er ook nog een zanggroep die hadden hele schele muziek. Toen kregen we nog een pet en

een zakje snoep. En toen gingen we naar huis. We waren om kwart over 4 thuis.

groetjes Hendrik Poepjes en Jeljer Haarsma.

S l e a t

*Yn 't flakke lânskip, sjoch ik al fan fierren
it suver fjouwerkante feefoerflat,
dat it oars sa markante silhûet
fan 't lytse Fryske stedsje skeint sûnt jierren.*

*Tsjintwurdich knippe Gaasterlânske skjirren
't papier foar elke nije Sleatmer wet.*

Beakens en grinzen binne wat ferset.

De tiid is hurd, mar Sleat sit net op blierren.

*Al is 't net mear ta selsbestjoer by steat
en binne de kontoeren gâns misfoarme,
it bliuwt in paradyske, 't lytse Sleat.*

Benûnderjend ha 'k troch de strjitsjes doarme.

Ik wie in trochsneed gast en fierders neat.

Mar daliks foel ik wer foar Sleat har sjarme.


Eize de Boer (Friesch Dagblad july 1992)



14 JUNI 2003 HISTORISCH KIJKSPEL

Het is de bedoeling van de samenwerkende verenigingen, t.w. Ondernemersvereniging "Sleat", de Stadschutterij, Vrienden van Sloten, de Feestcommissie, aangevuld met een grote groep vrijwilligers uit Sloten, om van de "Aanval met het Bierschip" op Sloten in 1588 een Middeleeuws Kijkspel te maken. Het streven is om dit tot een jaarlijks terugkerend spektakel te maken. Tekstschrijvers uit Sloten, Tetsje-Jeltsje-Jaap, zijn al druk bezig om een goed geheel van deze dag te maken. Ook zijn we al bezig om werkgroepen op te richten. Zo moet er een bouwcommissie komen, voor o.a. het maken van de schildwachtershuisjes; een kledingcommissie voor het maken van "oude" kleding en een commissie voor het uitzoeken van de rollen voor de hoofdrolspelers.

De activiteiten zullen zich ongeveer van 12.00-16.00 uur afspelen. Het spel wordt verdeeld over een groot deel van de stad. Ook Peter Bonnet met zijn toverlantaarns geven we hierin een plaatsje. Verder zullen de Stadsomroeper en de Schutterij actief zijn. Ook de Brandweer zal in actie komen. De grote lijnen zijn natuurlijk de "Aanval van het Bierschip" en daarna de onvermijdelijke "Berechting" van de schavuiten.



Echter, voor dit spektakel hebben we heel veel vrijwilligers nodig; en wat ook heel belangrijk is, is dat de bewoners van Sloten allemaal meedoen. In andere plaatsen is dat ook mogelijk. In Den Briel (waar Alva zijn bril verloor) is ieder jaar op 1 april een groot evenement waar ook de gehele bevolking bij betrokken wordt. Waarom zou dat hier niet kunnen? In het najaar laten wij u weten hoe ver wij gevorderd zijn. Heeft u vragen of suggesties, neem dan contact op met:

- Iebe van Dijk, o.a. lid van de bouwcommissie, tel. 531692
- Hilly Mous, o.a. lid van de kledingcommissie, tel. 531838 / 603781
- Tine Klugkist, coördinator, tel. 531766.

ZOMERPROGRAMMA 2002

U ontvangt nog uitgebreidere informatie omtrent de verschillende onderdelen en deelnemende muziekgroepen, tijden e.d. van onderstaande evenementen.

<i>Zaterdag 29 juni</i>	<i>Sipelsneon</i>
<i>Vrijdag 12 juli</i>	<i>Popkoor "First Beat"</i>
<i>Woensdag 17 juli</i>	<i>Proef hier de 11 steden (Ontdekkingstocht door Sloten), steeds start tussen 17.00 en 19.00 uur "Larry & Barry", komisch duo</i>
<i>Vrijdag 19 juli</i>	<i>Duo "Hawai"</i>
<i>Woensdag 24 juli</i>	<i>Proef hier de 11 steden (Ontdekkingstocht door Sloten) Accordeon duo "Fascination"</i>
<i>Vrijdag 26 juli</i>	<i>Tseard, zang/gitaar</i>
<i>Dinsdag 30 juli</i>	<i>Wout Zijlstra Sterkste man van de wereld. Skûtsje trekken. "Heegemer Dekdweilers"</i>
<i>Woensdag 31 juli</i>	<i>Proef hier de 11 steden (Ontdekkingstocht door Sloten) "Sesam", Top 40 band (in de tent)</i>
<i>Vrijdag 2 aug.</i>	<i>Heusj. Sjonggroep</i>
<i>Zaterdag 3 aug.</i>	<i>"La Stampa" Top 40 band (in de tent)</i>
<i>Woensdag 7 aug.</i>	<i>Ringrijden "De Hofkesjongers"</i>
<i>Vrijdag 9 aug.</i>	<i>Ringsteken onder 't zadel "Koper & Co."</i>
<i>Woensdag 14 aug.</i>	<i>Lichtjesavond / kindervrijmarkt 14.00-18.00 uur "South West Dixies" en "Sail Away"</i>
<i>Vrijdag 16 aug.</i>	<i>Harlinger huisvrouwen</i>